



Staveringshifker

Ynstruksjes foar ynstallaasje fan de plug-ins foar Microsoft Office Outlook, Powerpoint, Excel

Aparte staveringshifkers (Plugins) foar Outlook, Powerpoint en Excel, yn 32- en 64-bits-ferzje. De hifkers wurkje yn Microsoft Word 2010, 2013, ûnder Windows 7, 8(.1) en 10.

Ferzjes fan de hifkers: 1.8, 13-11-2014 (Outlook), 1.8, 28-2-2014 (Powerpoint), 1.8, 13-11-2014 (Excel).


System



Om nei te gean oft jo in 32- of 64-bits Officeferzje op jo systeem hawwe:

- Bestand → Help (Word 2010)
- Bestand → Account → Info over Word (Word 2013)

Bestân útpakke


Windows pakt it bestân automatysk út. Start setup.exe en folgje de ynstruksjes op it skerm om de Staveringshifker te ynstallearjen.

 Brûkers dy't in apart útpakprogramma ynstallearre hawwe (bgl. QuickZip, 7-Zip) kinne in foutmelding krije lykas dy hjirûnder:



Slút de foutmelding en klik op "Alles útpakken" (of in ferlykbere opdracht), en start de setup.exe dernei op fanút de map dêr't alles yn útpakt is. Jo krije te sjen wêr't it programma de staveringshifker útpakke wol. Jo kinne op dat stuit ek in eigen lokaasje kieze. Unthâld wêr't de útpakte staveringshifker stiet.

Microsoft .NET

 Mooglik wurdt by de ynstallaasje frege om Microsoft .NET Framework 3.5 Service Pack 1 te ynstallearjen. Download en ynstallearje dat dan earst en start dernei setup.exe op 'e nij.

Gebrûk yn Outlook

De staveringshifker foar Outlook wurket mei in sydbalke dy't oan de rjochterkant fan jo e-mailberjocht ferskynt. De hifker is ek tagonklik fia it saneamde lint, it tabblêd 'Fryske staveringshifker'.

Tink derom:

Ferjit net foar it opslaan of ferstjoeren fan it berjocht om de markearringen te wiskjen mei de knop 'wiskje markearrings'. Oars wurde de markearringsstreken mei opslein of ferstjoerd.

Gebrûk yn Excel en Powerpoint

De staveringshifker yn Excel en Powerpoint is tagonklik fia de tab 'Fryske Staveringshifker' yn it saneamde lint. De wurden wurde markearre yn in apart skermke. Jo kinne de markearre wurden mei help fan de knoppen yn dat skermke korrizjearje.

Server Fryske Akademy

De teksten wurde nei in server fan de Fryske Akademy stjoerd en dêr ferwurke. Jo teksten wurde net op de server bewarre. Wannear't jo de plug-in downloade, geane jo der akkoart mei dat jo teksten op de server fan de Fryske Akademy hifke wurde. De Fryske Akademy kin net oanspraaklik steld wurde as de server net berikber is.

Help

Wy binne fansels ree om jo te helpen by problemen by de ynstallaasje. Om't it lestich wêze kin om helpfragen oer de telefoan te beäntwurdzjen, kinne jo jo fragen it bêste stelle yn in e-mail oan taalweb@fryske-akademy.nl.

As jo yn dy e-mail presys útlizze hokker stappen jo yn it ynstallaasjeproses dien hawwe, en by hokker stap oft jo in probleem ûnderfûn hawwe, dan is de kâns it grutst dat jo probleem oplost wurde kin. Krije jo in foutmelding, meitsje dêr dan in kopy fan, of notearje presys wat oft de foutmelding is. Jou a.j.w. ek oan hokker ferzje fan Microsoft Office oft jo brûke.